

Provinciale Staten van Fryslân  
De fraksjes fan it CDA , FNP en VVD  
Mefrou W. Zuidema-Haans,  
hear K. Fokkinga en hear D. Pool

Leeuwarden, 30 augustus 2016  
Verzonden, - **6 SEP. 2016**

Ons kenmerk : 01330846  
Afdeling : Complexe Infra Projecten  
Behandeld door : G. Schriemer / (058) 292 55 26 of g.schriemer@fryslan.frl  
Uw kenmerk :  
Bijlage(n) :

Onderwerp : Beäntwurding skriftlike fragen oer de Skarster Rien

Achte mefrou Zuidema-Haans en hearen Fokkinga en Pool,

Jo skriftlike fragen op grûn fan artikel 39 fan it Reglemint fan Oarde, binnenkommen op 28 juny 2016 beänderje wy hjirby.

#### Ynlieiding

Op 31 maaie ferskynde it berjocht dat FNP, CDA en VVD fan gemeente De Fryske Marren wolle dat de Twadde Keamer op 'e nij sjocht nei in akwadukt yn de A6 by de Skarster Rien.

Op 23 juny 2016 is it algemien oerlis oer it MIRT ( Mearjierrenprogramma Ynfrastruktuer , Romte en Transport) oan de oarder west yn de Twadde Keamer. Yn it MIRT wurde de budzjetten foar ynfrastruktuer regele. De fraksjes FNP, CDA en VVD fan de gemeente De Fryske Marren wolle dat de Twadde Keamer yn dit oerlis op 'e nij it akwadukt yn de A6 ûnder de Skarster Rien troch yn beried nimt.

De trije fraksjes hawwe oan it kolleezje fan b & w fan De Fryske Marren freegje om yn oerlis mei de provinsje te gean en mei klam te freegjen dat de provinsje de problematyk rûnom de brêge yn de A6 ûnder de oandacht fan de Twadde Keamerfraksjes te bringen fóar it algemien oerlis oer it MIRT op 23 juny 2016.

De trije fraksjes wolle dat it kolleezje fan B & W yn it oerlis mei de provinsje oanjaan sil, dat in akwadukt de oplossing is foar in ferbettering fan de trochstreaming en ferkearsfeiligens en dat in akwadukt yn in earder stadium ek tasein is troch it regear. De brêge oer de Skarster Rien is mei de tiid oan ferfanging ta en dat sil ek de nedige kosten mei him meibringe.

Fraach 1:

*Is de deputearre it mei de CDA-, FNP- en VVD-fraksjes fan sawol Provinsjale Steaten as De Fryske Marren iens dat de brêge Skarsterrien noch in knyp punt is yn de trochstreaming op it haadwegennet yn Fryslân ?*

Antwurd fraach 1:

Ja.

Fraach 2:

*Sil de deputearre by it BO Mirt op'e nij omtinken freegje foar de brêge Skarsterrien ?*

Antwurd fraach 2:

Ja.

Fraach 3:

*As dat sa is, op hokker wize kinne de gemeente De Fryske Marren en Provinsjale Steaten op de hichte steld wurde fan it resultaat ?*

Antwurd fraach 3:

Sa gau as der ûntwikkelingen binne sille wy de Steaten hjir fan op de hichte bringe. Yn de reguliere bestjoersrapportages sille we ferslach dwaan fan de stân fan saken.

Fraach 4:

*Sa net, op hokker wize en wannear sil de deputearre dit dan dochs noch beprate mei har Haachske kollega ?*

Antwurd fraach 4:

We binne min te sprekken oer de resinte stremmingen yn de brêge oer de Skarster Rien. It is saak dat dit probleem sa gau as mooglik oanpakt wurdt. De stremmingen jouwe oanlieding om sa gau as mooglik yn petear mei minister Schultz van Haegen fan Ynfrastruktuer. We moatte der fan op oan kinne dat de brêgen goed wurkje; it soe moai wêze as Rykswettersteat it akwadukt tagelyk oppakke kin mei de oanlis fan it knooppunt.

Mei rju achting,

Deputearre Steaten fan Fryslân,



J.A. Jorritsma, foarsitter



A.J. van den Berg, sikretaris